


Skrivwe
yn Styl!



De dichter

IMO





Skriuwe yn Styl set yn op de ferbettering fan skriuwfeardigens. It bestiet út in set fan tematyske lessesearjes mei byhearrende taalrûntes. Skriuwe yn Styl behannelet in folslein oanbod oan stylgrepen en techniken dy't relevant binne om skriuwprestaasjes op alle tekstnivo's te ferbetterjen.

Foar jo leit de searje foar de dichter. Yn trije lessen leare learlingen techniken dy't se by poëtyske teksten brûke kinne. Mei de twa meartalige taalrûntes bringe sy wat hja leard hawwe fuortendaliks yn 'e praktyk.



Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

Idee, tekst en ûntwerp: Sigrid Kingma en Klarinske de Roos

Twadde printinge 2023

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

Ynhâld

Hânlieding en eftergrûnynformaasje.....4

Les 1 Skikke.....6

Les 2 Metonymy.....7

Les 3 Skrasse.....8

Gearfetting.....9

Taalrûnte 1 Reklame.....10

Taalrûnte 2 Gedicht.....12

Ferdjipping.....14

Hânlieding foar de learkrêft

Skriuwe yn styl: De dichter

Foar jo leit de searje foar de dichter. Dy bestiet út trije lessen, kar út twa taalrûntes en in opsjonele ferdjipping.

Let op: De lessen komme inkeld ta har rjocht by goed gebrûk. Lês dêrom earst de hiele hânlieding en it lesmateriaal goed troch foarôfgeand oan gebrûk yn de klasse.

Opbou

De lessen binne hieltyd op deselde manier opset. De yntroduksje en it diel 'Ferkenne' is bedoeld om klassikaal te behanneljen. Learlingen kinne dêrnei yn groepkes (3-4 learlingen is optimaal) fierdergean mei it diel 'Utlis' en 'Opdracht'. Beprate en evaluearje kin wer klassikaal. It antwurdfel is te finen op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl.

It ûnderdiel 'ferdjipping' giet oer it werkennen fan de techniken yn in besteande tekst. Dat ekstra ûnderdiel is bedoeld foar learlingen dy't de techniken gau troch hawwe en mear útdaging brûke kinne. De ferdjipping kin yn twatallen of yn groepkes útfierd wurde. De byhearrende taalrûntes slúte oan op de lessen. De oefening dy't de taalrûnte biedt is krusjaal om de skriuwtechniken yn de fingers te krijen en slút de searje passend ôf mei in publikaasje. It is wichtich dat yn alle gefallen ien taalrûnte nei de styllessen útfierd wurdt, mar it is hiel goed mooglik om beide taalrûntes te dwaan. Kontrolearje by oanfang fan in taalrûnte oft de kennis fan de oanlearde techniken hingjen bleaun is. De gearfetting tsjinnet as helpmiddel om werom te ferwizen nei de oanlearde techniken. Foar in bliuwende learopbringst is it handich om geregeldwei by skriuwopdrachten te ferwizen nei in technyk dy't foar dy tekst relevant is.

Ynfoling

Ofhinklik fan de ynfoling fan Frysk op skoalle, kin Skriuwe yn styl fleksibel ynset wurde.

1: Oer trije opienfolgjende dagen ien les behannelje, en de fjirde dei in taalrûnte.

2: Ienris yn de wike in les op in kreatyf oere, en de fjirde wike in taalrûnte.

Kearndoelen

De feardichheden lêze, ferstean en skriuwe komme oan bod. Frysk praten wurdt oanmoedige, mar net ferplichte. It Frysk dat brûkt wurdt yn de ynstruksje, is frij dreech. De dekking foar it lêsoanbod sit dêrmei op A-nivo. De puer Fryske skriuwopdrachten yn de lessen binne ienfâldich. It giet dan om it manipulearjen fan besteande sinnen, net om it sels produsearjen fan tekst. Wannear't learlingen sels skriuwe moatte, mei de opdracht yn in foar har fertroude taal útfierd wurde. Foar in folsleine dekking op A-nivo foar it oanbod skriuwen folstiet it om by de byhearrende taalrûnte it Frysk as skriuwtaal te kiezen.



Eftergrûnynformaasje

Ynset Meartalige Taalrûnte

Mei de meartalige taalrûnte passe learlingen itjinge dat se niis leard hawwe ta op in tekst dy't se sels skriuwe. Bied learlingen romte om har teksten te ferbetterjen én úteinlik te publisearjen.

Oandachtspunten foar it útfieren fan de meartalige taalrûnte:

De stappen fan de taalrûnte binne folslein útskreaun yn de lesbeskriuwings. Wolst dyn learlingen benammen yn it Frysk skriuwe litte? Dan kinne alle stappen yn it Frysk útfierd wurde. Wolst krekt romte biede oan oare eigen talen fan de learlingen of sels de kar jaan foar it gebrûk fan in taal? Dan joust by eltse stap oan yn hokker taal oftst ferwachtest dat learlingen reagearje, mei inoar oerlizze, of skriuwe.

Om't skriuwe mei help fan de taalrûnte in sosjaal proses is, is it oan te rieden om letterlik yn in rûnte te sitten. Wannear't learlingen it skriuwark ree hawwe sadat se, yn de rûnte sittend, al begjinne kinne mei it skriuwen fan de tekst, wurket dat posityf op de flow fan it proses. Ta ôfsluting fan de earste skriuwfaze litst in pear learlingen foarlêze wat se oant no ta opskreaun hawwe. Op in oar momint joust de tiid om de tekst ôf te meitsjen en de tekst te revisearjen.

It revisearjen fan in tekst:

By it werskriuwen ûntstiet pas echt skriuwûnderwiis. It revisearjen moat net te lang neidat de tekst skreaun is plakhawwe, mar wol op in oar momint as dat de earste ferzje skreaun is. Kies in tekst út dy'tst mei learlingen beprate wolst. Freegje altyd om tastimming oan de learling. De skriuwer bliuwt fansels eigner en beslist úteinlik sels oft de foarstelde feroarings wol of net winske binne.

By it klassikaal redigearjen beheinst dy ta in pear besprekpunten: de skriuwtechniken dy't yn de trije lessen behannele binne. Ast op tefolle punten letst, wurdt it te lang en ferlieze learlingen it oersjoch. Set de besprekpunten op it boerd en jou wêr nedich noch wat praktyske oanwizings hoe'tst tips en tops joust. Stavering en ynterpunksje komme noch net oan bar, it giet ynearsten om de ynhâld: is de tekst goed lêsbear, rint it noflik? Nei in koart besprek fan in pear oandachtspunten kinne de learlingen yn twatallen oan de gong mei har eigen teksten.

It publisearjen fan de tekst:

De lêste fase is publikaasje. Learlingen kinne yn twatallen wurkje oan einredaksje: stavering, ynterpunksje en haadletters neirinne. Tink goed nei oer mooglikheden om de teksten fan learlingen te publisearjen. Krekt dat makket it skriuwen betsjuttingsfol! Bygelyks:

Tydskrift

Dichtbondel

Portfolio

Webside

Skoalkrante

Posters



Les 1: Skikke

Yn in gedicht steane oare sinnen as yn in ferhaal.
Hoe docht in dichter dat? Dy brûkt in wikseltrúk!

Ferkenne

Lês de sinnen ûnder 1. en 2. Skriuw op wat dy opfalt.

Oerlis: Wat binne de ferskillen tusken 1 en 2?

1.

*Kinst in ienfâldich trúkje brûke om dyn gedicht spannender te meitsjen.
Kinst de sinsdielen oars skikke om de oandacht nei in bepaald wurd te lûken.
Kinst de ferskillen goed sjen, ast de sinnen neistinoar leist.*

2.

*Om dyn gedicht spannender te meitsjen, kinst in ienfâldich trúkje brûke.
De sinsdielen kinst oars skikke om de oandacht te lûken nei in bepaald wurd.
Goed kinst de ferskillen sjen ast de sinnen neist inoar leist.*

De measte sinnen begjinne mei
Ik, De en Doe (Toen).

Dat is saai! It kin gelokkich oars.

Tink alle kearen as in sin mei sa'n
saai wurd begjint: skikke!



Utlis

In opfallend wurd foarop of hielendal achteroan yn de sin sette, lûkt de oandacht.
Troch te fariearjen en goed nei te tinken hokker wurd oftst de measte oandacht jaan
wolst, kinst gedichten spannender en leuker meitsje. Dat jildt net allinnich foar gedichten,
mar dit trúkje kinst brûke foar al dyn skriuwen.

Opdracht

Skik de ûndersteande sin op safolle mooglik manieren sûnder wurden te feroarjen.
Feroaret de betsjutting fan de sin ast de folchoarder feroarest? Hokker sin skikt jim it bêste?

Ik stean hjir no.

Klear? Lokwinske, do kinst skikke! Noch twa leskes en dan kinst skriuwe as in dichter!



Les 2: Metonymy

Dichters skriuwe faak wat oars as dat se letterlik bedoele.
Se meitsje de taal moaier mei bylden. Dat kinsto dalik ek!

Ferkenne

Sjoch nei ûndersteande foto. Skriuw op watst sjochst.
Oerlis: wat stiet hjir eins? Wêrom stiet it der sa?



Byldtaal jout sfear oan in sin:

Itgersisskeard.
Debeamhat de eagenticht.
Dewjirmskriuwtsynnamme yn itsân.

Personifikaasjes sjochst faak yn
reklames. Dat komt om't minsklike
trekjes ús ekstra oansprekke.



Utlis

It uterlik of de beweging fan in objekt, foarwerp of bist wurdt beskreaun mei
in minsklike eigenskip. Dy technyk hjit metonymy. In sterk wapen!
Metonymys binne der yn in protte soarten, dit is de personifikaasje.

Opdracht

Betink in eigenskip dy't typysk foar minsken is.
Brûk dy eigenskip foar it beskriuwen fan in foarwerp yn it klaslokaal.
Doch it ek oarsom: kies in foarwerp of diel fan it gebou.
Beskriuw dat mei in minsklike eigenskip.
Meitsje mei-inoar trije beskriuwings mei metonymy.
Skriuw se sa moai mooglik op. Tink ek oan de skiktechnyk fan les 1.

Klear? Lokwinske, do behearkest metonymy!
Noch ien leske en dan kinst skriuwe as in dichter!



Les 3: Skrasse

In sin is in dichter gau te lang. Lange rigels kinne dreech en saai wêze. Troch wurden fuort te litten, wurdt in gedicht licht en spannend.

Ferkenne

Sjoch nei de folgjende seis sinnen.
Oerlis: wat is neffens dy de bêste sin en wêrom?

1. *As der in lange sin stiet, kin dy sin hast altyd koarter opskreaun wurde.*
2. *As der in lange sin stiet, kin dy hast altyd koarter.*
3. *In lange sin kin hast altyd koarter.*
4. *In lange sin kin faak koarter.*
5. *Lang kin koarter.*
6. *Kin koarter.*

Is koarter altyd better?
Hoe fier kinst ynkoartsje?

Skrasse soarget soms foar humor!

Sjoch it filmke op Youtube:
Omroep Maxim: Meneer Mandje



Utlis

Yn in dichtrigel stiet net in wurd tefolle. In gewoane sin hat faak in protte wurden dy't net folle tafoege oan de betsjutting. Alle goede skriuwers binne ek goede skrassers. Guon wurden steane der as opfulling of omdat dat moat neffens de grammatikaregels. Dichters hoege har net te hâlden oan regels, dus dy meie mear wurden fuortlitte.

Opdracht

A. Nim in boek (út de bibleteek of út de kast). Skriuw trije sinnen oer en skras safolle mooglik wurden dy'tst net hâlde wolst. Set dan alle oerbleaune rigels ûnder elkoar. Slute se goed oan? Moat der noch wat tusken of by komme?

B. Meitsje in lyts gedichtsje mei de rigels. Tink ek oan it skikken fan de sinsfolchoarder út les 1 en brûk in metonymy lykas yn les 2.

Sammelje de gedichten en meitsje in echte bondel! Of sykje de moaiste rigels út en meitsje ien grut mienskiplik gedicht. Druk dy op posterformaat foar oan de muorre. Lokwinske, do kinst dichtsje!



GEARFETTING

Les 1: Skikke

Set de sin yn in oare folchoarder.

Ik skriuw no better. → *No skriuw ik better.*

Les 2: Metonymy

Jou in foarwerp in minsklike eigenskip.

De waskmachine is klear. → *De waskmachine ropt.*

Les 3: Skrasse

Helje wurden út de sin en skriuw koarter.

Hâld net in te lang ferhaal. → *Hâld net sa'n lang ferhaal.*



Taalrûnte 1: Reklame

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen sille in koarte reklametekst skriuwe oer in produkt der't se sels entûsjast oer binne.
Materiaal	Papier en pinne

1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	Wat fynsto in hiele leuke reklame?
2. Introduksje ûnderwerp	We sille hjoed in reklametekst skriuwe oer in produkt der'tst entûsjast oer bist. Mooglik fertelst as learkrêft wat út eigen ûnderfining, of nimst in moaie reklameslogan as foarbyld en fertelst wêrom'tst dy sa moai fynst. Ferbyn ek mei de styllessen dy'tst jûn hast en jou oan dat learlingen itjinge dat se dêr leard hawwe, no brûke kinne. <ul style="list-style-type: none">• Folchoarder fan de sin oars skikke• Minsklike eigenskippen takenne oan foarwerpen• Skrasse
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Wa wit al in produkt der'tst reklame foar meitsje wolst? Neam de namme fan it produkt en fertel koart wêrom'tst dêr reklame foar meitsje wolst.
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Kies in produkt der'tst graach reklame foar meitsje wolst, betink trije kearnwurden dy't by dat produkt hearre en skriuw dy trije wurden op. Boartsje hjirby ek mei de taal, brûk it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk!



5. Opdracht foar twatalpetear	Fertel dyn maatsje oer it produkt en brûk de trije wurden dy'tst opskreaun hast. Binne der noch mear wurden dy'tst brûke wolle soest, skriuw se direkt op! Dyn maatsje harket goed nei dy en jout feedback: passe de wurden goed? Is it dúdlik wêr't dyn maatsje it oer hat? Hast noch wurden foar dyn maatsje dy't hy/sy goed brûke kin? Dêrnei wikselje!
6. De skriuwopdracht en oan de gong	Skriuw in koarte, kearneftige reklametekst! Brûk de tips út de lessen dy'tst krekt hân hast en watst fan dyn maatsje heard hast.
7. Foarlêsrûnte	Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.



Taalrûnte 2: Gedicht

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen skriuwe in gedicht oer 'watst it meast misse silst ast ferhúzje soest' mei gebrûk fan Fryske, Ingelske en Nederlânske wurden.
Materiaal	Papier en pinne

1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	Wat fynsto de leukste of meast bysûndere plak yn of om it hûs der't jim wenje?
2. Introduksje ûnderwerp	Fertel de bern dat we gedichten skriuwe sille yn ferskillende talen oer watst it meast misse soest ast ferhúzje soest. Lês it gedicht Ferhúzje foar. (foarôfgeand oan de taalrûnte kinst it gedicht al beprate oan de hân fan de 'Vertel eens' oanpak fan Aidan Chambers, dan kinst it gedicht likegoed no nochris foarlêze)
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Wat soesto it measte misse as jim ferhúzje soenen? Wa hat der al wat yn geachten en kin dêr koart wat oer fertelle?
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Tekenje (skets) trije dingen dy'tst it measte misse soest wannear't jim ferhúzje soenen.



<p>5. Opdracht foar twatalpetear</p>	<p>Kies ien fan de tekeningen en fertel wiidweidich wêrom'tst dat sa ferskriklik misse silst. Besteegje oandacht oan details. Dyn maatsje harket goed, stelt fragen en jout tips.</p> <p>Dêrnei wikselje.</p>
<p>6. De skriuwoopdracht en oan de gong</p>	<p>Skriuw in gedicht oer watsto it meast misse soest wannear't jim ferhúzje soenen. Brûk yn alle gefallen Frysk en Nederlânsk. Ingelsk en oare talen meie ek. It gedicht hoecht net te rymjen, mar brûk wol watst leard hast yn de styllessen.</p> <ul style="list-style-type: none"> • Folchoarder fan de sin oars skikke • Minsklike eigenskippen takenne oan foarwerpen • Skrasse
<p>7. Foarlêsrûnte</p>	<p>Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.</p>



Dichter yn 3 lessen

Ferdjipping

Lês it gedicht fan Elske Kampen en bepraat it mei inoar.

Dit is it gedicht
Elske Kampen

*Dit is it gedicht dat
as in stielen boarstel bjint
en krast oer âlde koarsten.
Behang fan muorren skuort
en oan it griis beton har geef
en neaken liif weromjout.
Fan it waarme hout de ferve
skjirret oant de eigen glâns
wer glimt.*

*Dit is it gedicht dat
as in eigenwize wjirm himsels
troch brave bondels yt.
Yn boeken fol fersliten bylden
bretaal syn eigen letters byt.
Fan bûgde iken planken
de swiere steapels smyt
yn 'e flier strak yn 'e lak
djippe gatten slacht.*

*Dit is it gedicht dat
mei earmtakken romte jout
en net weirwurdt ûnder it stof
of yn in tsjuster hoekje stjert
mar hieltyd wer oerein springt
en as in swalker op syn paad
it libben oan syn fuotten fynt.*

*Dat is dit gedicht,
en dat bin ik.*

Dit is het gedicht
Elske Kampen

*Dit is het gedicht dat
als een stalen borstel boent
en over oude korsten krast.
Behang van muren trekt
en aan het grijs beton haar gave
naakte lijf teruggeeft.
Van het warme hout de verflaag
schuurt tot de eigen glans
weer glimt.*

*Dit is het gedicht dat
als een eigenwijze worm zichzelf
door brave bundels eet.
In boeken vol versleten beelden
brutaal zijn eigen letters bijt.
Van gebogen eiken planken
en de zware stapels smijt en
in de vloer strak in de lak
diepe gaten slaat.*

*Dit is het gedicht dat
met ellebogen ruimte maakt
en niet verdwijnt onder het stof
of in een duister hoekje sterft
maar steeds weer overeind springt
en als een zwerver op zijn weg
het leven aan zijn voeten vindt.*

*Dat is dit gedicht,
en dat ben ik.*

Sitte der stikken by dy'tst net begrypst?

Wat fynst in moaie rigel?

Binne der opfallende wurden by?

Wêr giet it gedicht oer?

Opdrachten

- Kinst in foarbyld fan metonymy fine?
- Kies in opfallend skikte rigel.
Mei wat foar wurden begjint en einiget de rigel?
Skriuw dy rigel no yn in oare folchoarder op.
Meist ien ekstra wurd brûke as dat nedich is foar de sin.
- Yn de tredde rigel is wat bysûnders bard yn de oersetting.
De Nederlânske ferzje is oars skikt as de Fryske.
Wat kin dêr in reden foar wêze?
- It gedicht kin noch wol koarter. Helje der ris trije wurden út.
Kies wurden dy't maklik fuort kinne. Wat binne it foar wurden?





Skriuwe yn Styl makket diel út fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis en kin hiel goed kombinearre wurde mei de oare projekten fan dy line, bygelyks de Inktfluencer. De taalrûnte kin ek los fan de lessen van Skriuwe yn Styl ynset wurde by fierdere skriuwopdrachten. Sjoch foar mear ynspiraasje en lessen op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl.

Mei Skriuwe yn Styl hast in prachtige oanpak om Frysk en meartaligens op in natuerlijke manier te yntegrearjen in it ûnderwiisprogramma. De techniken kinne taaloerstiigjend tapast wurde by al it fierdere skriuwen.

De lessen fan Skriuwe yn Styl en de bypassende taalrûntes binne sa beskreaun datst der as learkracht fuortdaalk mei oan de gong kinst. Wolst mear dwaan mei de taalrûntes, dan kinst dêr stipe by krije. Sjoch dan by it projekt 'Meartalige Taalrûnte'.

© 2023, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883732

De útjefte is mei tastimming frij te brûken foar edukative doeleinen.
Neat út de útjefte mei oerset of kimmersjeel ferspraat wurde.

